# Reuny It Heidenskip 2018



It Heidenskip, maaie 2018

Achte (âld-) ynwenners fan It Heidenskip,

De oanmeldings komme al moai op gong. It liket der op, dat it in hiele gesellige dei wurdt.

Sa't jo witte, wurdt der op inisjatyf fan de Feriening fan Doarps- en Streekbelang **sneon 2 juny** in reuny hâlden yn it Heidenskip. Dizze reuny is foar alle ynwenners en âld-ynwenners fan it Heidenskip. De organisaasje is yn hannen fan de reunykommisje.

It programma begjint om 13.30 oere mei ûntfangst fan de reunisten yn doarpshûs It Swaeigat, Brânburren 26. Om 14.00 oere wurdt 't Heidenskipster Pleatsenboek presentearre en yn de rin fan de middei fine der ferskate aktiviteiten plak, mar der is ek foldwaande tiid om by te praten.

**Aktiviteiten yn It Swaeigat (14.30—17.00 oere)**



***Jentsje Fekkes***
De âld-Heidenskipster Jentsje Fekkes makket skilderijen mei lânskippen, stillibbens en bisten út de natoer. Fansels kin Jentsje jo der fan alles oer fertelle.



***Marten Groenhof***
Mei tank oan de famylje Groenhof kinne wy jo moaie skilderijen fan Marten Groenhof sjen litte.

***Auke Bult***
De amateur-archeolooch Auke Bult fan Molkwar hat om 2010 hinne in soad nijsgjirrige saken by de âlde Wolvetinte op de Demmershoek yn de Skar fûn.
In part fan syn fynsten sil er jo sjen litte.



**Aktiviteiten op Brânburren (14.30—17.00 oere)**



**De tsjerke en Timmerskuorre**
De tsjerke is iepen en jo kinne de âlde timmerskuorre fan de famylje Kuipers besjen.

**Sjineesk buffet (17.00 oere)**
It middeiprogramma wurdt ôfsletten mei in sjineesk buffet om 17.00 oere.

**Jûnsprogramma (19.30 oere)**

***De Brulloft***
It jûnsprogramma begjint 19.30 oere en wurdt fersoarge troch tonielferiening "Yn it oare fel" dy't it eigen skreaune stik ***"De brulloft"*** opfiere sil.






***De Jongens van de Muziek***
Tidens de tonielfoarstelling is der yn tsjerke in muzikaal alternatyf programma mei ***"De Jongens van de muziek".***
De tagong is fergees!

Nei de foarstellings giet de reuny troch yn en om doarpshûs It Swaeigat.



**Libbene Stiennen**
Snein 3 juny om 10.30 oere ferlient Piter Wilkens syn meiwurking oan de "oars as oars"-tsjerketsjinst. Piter Wilkens sil in grut part it programma "Libbene Stiennen" dwaan mei syn kombo, besteande út de bassist Willo de Bildt en de gitarist Ytzen Peterson. De tsjinst duorret likernôch in oere. De tagong is frij. By de útgong meie jo in frijwillige bydrage yn it ponkje dwaan. Ek hjir binne jo fan herte wolkom.

Yn Libbene Stiennen stiet it ferhaal fan de midsieuske doarpstsjerke sintraal. It ferhaal fan terpen, boeren, mûntsen, leauwen en de grutte dingen yn it libben. Libbene Stiennen is in lofsang wurden op de autentike midsieuske doarpstsjerke en it wichtige, ûnmisbere plak fan de tsjerke yn it Fryske lânskip. De tagong is frij.
Ek yn it Heidenskip stie foarhinne in midsieuske tsjerke. Sjoch fierder yn dizze mail.

**Oanmelde kin noch !**
Wy noegje jo as (âld-)Heidenskipster, mooglik mei oanhing/freon(din)/kunde, út om dizze reuny by te wenjen. Oanmelde foar it folsleine programma kin troch 35 euro de persoan oer te meitsjen op bankrek.nr. NL34 RABO 0313 5260 44 op namme fan H.C. van der Wal-Postma.
Under fermelding fan: Reuny, jo namme en adres en it oantal persoanen. Dat is ynklusyf it sjineesk buffet.

It bywenjen fan allinnich it jûnsprogramma kostet 10 euro de persoan; allinnich it middeisprogramma mei sjineesk buffet kostet 25 euro de persoon.

Jo betelling is jo oanmelding; jo krije gjin neier berjocht.
Wy hawwe jo oanmelding graach **uterlik 15 maaie** binnen.

**Frije tagong foar in eltsenien**
Fansels binne jo fan herte wolkom, om allinnich de boekpresentaasje, it middeiprogramma sûnder buffet en it konsert fan "De Jongens van de muziek" by te wenjen. Jo hoege jo dan net oan te melden.




**Heidenskipster Pleatsen**
't Heidenskipster Pleatsenboek wurdt tidens de reuny presentearre. It boek beskriuwt de histoarje fan 74 pleatsen en al har bewenners. It wurdt in boek fan sa'n 500 siden.
Jo kinne it boek bestelle fia e-mail pleatsen@gmail.com û.f.f. namme, adres, wenplak en at it ferstjoerd wurde moat of op 2 juny helle wurdt. Jo kinne ek skilje mei 0514-522135.
It boek kostet 45 euro (plus 10 euro eventuële ferstjoerkosten). It bedrach meie jo alfêst oermeitsje op NL51 RABO 0314 2043 50 op namme fan Boek Pleatsen û.f.f. namme en oantal.

**De Brulloft**
***Muzykteater oan 'e Fluezen***
***1 - 2 - 3 juny 2018***

Trije ris wurdt it stik De Brulloft opfierd:

Freed 1 juny:
Start by it Swaeigat om 19.30 oere
Sneon 2 juny
Start by it Swaeigat om 19.30 oere
Snein 3 juny
Start by it Swaeigat om 14.30 oere

Kosten de persoan
ûnder de 12 jier: 5 euro
12 jier en âlder: 10 euro

Kaartferkeap oer de mail:
toneelitheidenskip@hotmail.com

Mear ynformaasje sjoch op de thússide fan It Heidenskip: klik hjir.






**Sint Ursula**
Lang ha wy tocht dat It Heidenskip foarhinne in kleaster hie, mar op 21 april dit jier is in artikel útkommen oer *"Een heilige in It Heidenskip. Een volmiddeleeuwse veenontginning onder de klokslag van Sint Ursula".*
It artikel is skreaun troch Gilles de Langen en Hans Mol.
Sy hawwe nei oanlieding fan de troch Hans Miedema fûne bonken en op it hiem fan de famylje Jellesma fûn stik sarkofaach de konklúzje lutsen, dat it net in kleaster wie mar in parochytsjerke, dy't der om it jier 1000 al stien hawwe moat.
Hjir kinne jo it artikel lêze: Klik hjir.




**Expeditie Oerpolder**
Fyts ris troch it Heidenskip mei de Expeditie Oerpolder fan Warkum, oer de Aldedyk, troch It Heidenskip nei Brânburren. En hear nei de ferhalen, dy't jo beharkje kinne op jo tillefoan.
Ferskate Heidenskipsters en âld-Heidenskipsters hawwe der oan meiwurke.
Jo kinne de ferhalen hjir fine: klik hjir.

**Ta eintsje beslút...**
hoopje wy jo te moetsjen op sneon 2 juny o.s.

De reunykommisje 2018:
Mellius Kramer
Gerrit Twijnstra
Peek Bonebakker-Kuipers
Hielkje van der Wal-Postma
reunyheidenskip@hotmail.com www.it-heidenskip.nl

It Heidenskip, mei 2018

Geachte (oud-) inwoners van It Heidenskip,

De aanmeldingen stromen inmiddels binnen. Het belooft een hele gezellige dag te worden.

Zoals u weet wordt op initiatief van de Feriening fan Doarps- en Streekbelang op **zaterdag 2 juni** een reünie georganiseerd in it Heidenskip. Deze reünie is voor alle inwoners en oud-inwoners van it Heidenskip. De organisatie is in handen van de reüniecommissie.

Het programma begint om 13.30 uur met ontvangst van de reünisten in dorpshuis It Swaeigat, Brânburren 26. Om 14.00 uur wordt 't Heidenskipster Pleatsenboek gepresenteerd en in de loop van de middag vinden er verschillende activiteiten plaats, maar er is ook voldoende tijd om bij te praten.

**Activiteiten in It Swaeigat (14.30-17.00 uur)**



***Jentsje Fekkes***
De oud-Heidenskipster Jentsje Fekkes maakt schilderijen met landschappen, stillevens en dieren uit de natuur. Natuurlijk kan Jentsje u er van alles over vertellen.



***Marten Groenhof***
Met dank aan de familie Groenhof kunnen wij u mooie schilderijen van Marten Groenhof laten zien.

***Auke Bult***
De amateur-archeoloog Auke Bult van Molkwerum heeft omstreek 2010 veel interessante objecten bij de bij de oude Wolvetinte op de Demmershoek in de Skar gevonden.
In deel van zijn vondsten zal hij u laten zien.



**Activiteiten op Brânburren (14.30—17.00 uur)**



**De kerk en Timmerschuur**
De kerk is open en u kunt de oude timmerschuur van de familie Kuipers bezoeken.

**Chinees buffet (17.00 uur)**
Het middagprogramma wordt afgesloten met een Chinees buffet om 17.00 uur.

**Avondprogramma (19.30 uur)**

***De Brulloft***
Het avondprogramma begint om 19.30 uur en wordt verzorgd door toneelvereniging "Yn it oare fel" die het eigen geschreven stuk ***"De brulloft"*** zal opvoeren.






***De Jongens van de Muziek***
Tijdens de toneelvoorstelling is er in de kerk een muzikaal alternatief programma met ***"De Jongens van de muziek".***
De toegang is gratis!

Na de voorstellingen gaat de reünie door in en om dorpshuis It Swaeigat.



**Libbene Stiennen**
Zondag 3 juni om 10.30 uur verleent Pieter Wilkens zijn medewerking aan de "oars as oars"-kerkdienst. Piter Wilkes zal dan grotendeels zijn programma "Libbene Stiennen " doen met zijn combo, bestaande uit de bassist Willo de Bildt en de gitarist Ytzen Peterson. De dienst duurt ongeveer een uur. De toegang is vrij. Bij de uitgang mag u een vrijwillige bijdrage in 't ponkje doen. Ook hier bent u van harte welkom.

In Libbene Stiennen staat het verhaal van de middeleeuwse dorpskerk centraal. Het verhaal van terpen, boeren, monniken, geloof en de grote gebeurtenissen in het leven. Libbene Stiennen is een lofzang geworden op de authentieke middeleeuwse dorpskerk en de belangrijke, onmisbare plaats in het Friese landschap. De toegang is vrij.
Ook in It Heidenskip stond vroeger een middeleeuwse kerk. Meer hierover verder op in deze mail.

**Aanmelden kan nog !**
Wij nodigen u als (oud-)Heidenskipster, eventueel samen met uw partner/vriend (in)/kennis, uit om deze reünie bij te wonen. Aanmelden voor het volledige programma kan door 35 euro per persoon over te maken op bankrek.nr. NL34 RABO 0313 5260 44 t.n.v. H.C. van der Wal-Postma.
Onder vermelding van: Reünie, uw naam en adres en het aantal personen. Dit is inclusief het chinees buffet.

Het bijwonen van alleen het avondprogramma kost 10 euro per persoon; alleen het middagprogramma met chinees buffet kost 25 euro per persoon. Uw betaling is uw aanmelding; u krijgt geen nader bericht. We hebben uw aanmelding graag **uiterlijk 15 mei** binnen.

**Vrije toegang voor iedereen**
Natuurlijk bent u van harte welkom, om alleen de boekpresentatie, het middagprogramma zonder buffet en het concert van "De Jongens van de muziek" bij te wonen. U hoeft zich dan niet aan te melden.




**Heidenskipster Pleatsen**
't Heidenskipster Pleatsenboek wordt tijdens de reünie gepresenteerd. Het boek beschrijft in het Fries de historie van 74 boerderijen en al haar bewoners. Het wordt een boek van zo'n 500 bladzijden.
U kunt het boek bestellen via e-mail pleatsen@gmail.com o.v.v. naam, adres, woonplaats en of het moet worden verzonden of op 2 juni wordt opgehaald. Ook kunt u bellen met 0514-522135.
Het boek kost 45 euro (plus 10 euro eventuele verzendkosten). Het bedrag mag u alvast overmaken op NL51 RABO 0314 2043 50 t.n.v. Boek Pleatsen o.v.v. naam en aantal.

**De Brulloft**
***Muzykteater oan 'e Fluezen***
***1 - 2 - 3 juni 2018***

Drie keer wordt het stuk De Brulloft opgevoerd:

Vrijdag 1 juni:
Start bij it Swaeigat om 19.30 uur
Zaterdag 2 juni
Start bij it Swaeigat om 19.30 uur
Zondag 3 juni
Start bij it Swaeigat om 14.30 uur

Kosten per persoon
onder de 12 jaar: 5 euro
12 jaar en ouder: 10 euro

Kaartverkoop over de mail:
toneelitheidenskip@hotmail.com

Meer informatie kijk op de webside van It Heidenskip: klik hier.






**Sint Ursula**
Lang dachten wij dat It Heidenskip vroeger een klooster had, maar op 21 april dit jaar is een artikel uitgekommen over *"Een heilige in It Heidenskip. Een volmiddeleeuwse veenontginning onder de klokslag van Sint Ursula".*
Het artikel is geschreven door Gilles de Langen en Hans Mol.
Zij hebben naar aanleiding van de door Hans Miedema gevonden botten en op het erf van de famylje Jellesma gevonden stuk sarcofaag de conclusie getrokken, dat het niet een klooster was maar een parochiekerk, die er circa het jaar 1000 al moeten hebben gestaan.
Hier kunt u het artikel lezen: Klik hier.




**Expeditie Oerpolder**
Fiets eens door it Heidenskip met de Expeditie Oerpolder van Workum, over de Aldedyk, door It Heidenskip naar Brânburren. En luister naar de verhalen, die u op uw telefoon kunt beluisteren.
Verschillende Heidenskipsters en âld-Heidenskipsters hebben er aan meegewerkt.
U kunt de verhalen hier vinden: klik hier.

**Tot slot...**
hopen wij u te begroeten op zaterdag 2 juni a.s.

De Reüniecommissie 2018:

Mellius Kramer
Gerrit Twijnstra
Peek Bonebakker-Kuipers
Hielkje van der Wal-Postma
reunyheidenskip@hotmail.com www.it-heidenskip.nl